Stiller sil it wêze. De earen haw ik iepen,
mar wa wit ik net hokker toan it is
dy't hinget oer it lân tusken dy en my.
Tusken ús yn lizze in see en in lange dyk,
en safolle jierren dat net bestie wat al
wêze moatten hie. Mar ik wie der net,
ik ûntbruts, neffens wreed resept.
Souje do dan de blom en it kakaopoeier
boppe in kom. Mjoks aaien, oalje en fanille,
klopje in glêd beslach. Oefenje altyd stadich,
brûk de metronoom. Myn soan,
set de oven oan en do silst se spylje,
al dy Chocolate Cookie Monster Cupcakes!

Abe de Vries